




Staveringshifker

Ynstruksjes foar ynstallaasje standalone-ferzje Staveringshifker foar Microsoft Word

Dizze staveringshifker wurket yn Microsoft Office 2011 foar Mac OS.

Ynstallaasje en brûken

Start nei it ynladen it ynstallaasjebestân op en folgje de ynstruksjes op it skerm om de staveringshifker te ynstallearjen.

 Yn Microsoft Office foar (Mac) OS is it Frysk net opnommen yn de list fan talen dy't stipe wurde. Dêrom moatte jo om dizze staveringshifker brûke te kinnen, de taal fan jo dokumint ynstelle op 'Baskisch' (Menu Extra → Taal → Geselecteerde tekst markeren als → Baskisch → OK). De Provinsje Fryslân wurket deroan om Frysk as taal op te nimmen yn Office foar de (Mac) OS.

Foarkarswurdlist

Dizze staveringshifker makket by it kontrolearjen gjin gebrûk fan in ynternetferbining en befettet minder opsjes foar taalstipe as de online hifker op taalweb.frl/staveringshifker. De hifker markearret gewoane typflaters, ferkeard stavere wurden of wurden dy't net yn de Foarkarswurdlist steane. Sjoch foar mear ynformaasje oer de Foarkarswurdlist foar it Frysk: taalweb.frl/foarkarswurdlist.

Help

Wy binne fansels ree om jo te helpen by problemen by de ynstallaasje. Om't it lestich wêze kin om helpfragen oer de telefoan te beäntwurdzjen, kinne jo jo fragen it bêste stelle yn in e-mail oan taalweb@fryske-akademy.nl.

As jo yn dy e-mail presys útlizze hokker stappen jo yn it ynstallaasjeproses dien hawwe, en by hokker stap oft jo in probleem ûnderfûn hawwe, dan is de kâns it grutst dat jo probleem oplost wurde kin. Krije jo in foutmelding, meitsje dêr dan in kopy fan, of notearje presys wat oft de foutmelding is. Jou a.j.w. ek oan hokker ferzje fan Microsoft Office oft jo brûke.